Opfallend nij lid fan de jongerein-kommissje is Anco Elgersma. Net omdat wy him dêrfoar de kwaliteiten net ta dichte, mar omdat hy it fierste fuortwenjend spyljend lid fan SDS is. Fanút de Knipe komt hy no te trainen, te fuotbaljen, te supporterjen en te fergaderjen. Tiid foar in petear mei dizze echte SDS-er.

Dyn fuotbalkarriêre is dy begûn yn Easterein?

Ja, ik bin troch Jacob Wiersma, ien fan myn klasgenoaten frege om ek mei nei it fuotbaljen te gean. Ik bin dy woansdeitemiddei meigien, en ûnder lieding fan Pander mocht ik op learzens noch wol meidwaan.

Nei de E-s alle oaren alvetallen op nei de A-s?

Ja, ik haw dy hiele periode oan it fuotbaljen west. Alles meimakke as jeugdspiler. Ik hie wol reedlik talint.

En doe, nei it earste?

Ja, al tidens myn A- periode bin der al by kommen. Ik wit it noch goed. Wy fuotballen yn Wommels mei de A-s en stiene mei 10-0 foar tsjin Oudega. Henk Buning kaam doe nei my ta en sei : kom do der mar út do kinst wol mei it earste mei .

Toch bist net jierren by it earste bleaun?

Nee, dat hie foar in grut part te meitsjen mei myn stúdzje en dêrnei mei it wurk.

Troch stúdzje kaam ik yn Grins en bin doe stoppe mei fuotbal. Dat sil yn 89 of sa west hawwe.

En doe wie der neat mear?

No neat, it fuotbal wie der efkes net. Dat begûn letter wol wer te kriebeljen. Dêrom bin yn 1993 wer begûn by Lycurgus yn Grins. Ik haw dêr jierren yn it tredde fuotballe.

Moaie periode?

Ja, it sels sa dat asto my fregest wat myn moaiste seizoen wie dan wie dat yn 95/96 by Lycurgus yn it tredde. Wy fuotballen yn de res. 2^{de} klasse en gyngen mei Drachtster Boys 3 op kop. Us foarhoede makke dat seizoen 55 doelpunten, wêrfan de spits 25, de loftsbûten 13 en ik as rjochtsbûten 17. Geweldich wie dat omdat wy in goeie ploech hiene en de sfear ek prima wie.

Wat binne dyn sterke punten?

Ik hie wat romte nedich, hie in goeie snelheid en de foarset wie prima. En in aksje meitsje slagge my ek goed.

Yn 1997, wat barde der doe?

Yn 1997 kaam der in ferfelend ein oan myn fuotbalkarriêre. In útrinnende doelman naam myn hiele ûnderfoet mei en neist skuorde inkelbannen, wie myn inkel en myn kûtbonke stikken. In swiere blessuere dy't mei jierren oan de kant holden hat.

Mar dochs bist wer begûn?

Ja, ik kaam tydlik wer yn Easterein te wenjen en bin wer begûn te fuotbaljen. Dat gie my net goed ôf yn earsten. Gelyk wer in blessuere en ik bin miskien ek net hielendal goed begûn. Al mei kaam ik yn 2000, 2001 en 2002 te min oan fuotbaljen ta. Foar yn 2001 krige ik wer in ferfelende blessuere troch in ferfelende aksje fan keatser Erik Seerden, dy't doe by Frjentsjer fuotballe.

Noch efkes werom nei dyn jeugd: keatse dat diest ek.

Ja, en mei in protte nocht. Mei it keatsen wie ik echt wol in talint, fyn ik sels. Ik koe my mjitte mei de betteren yn de jeugd. Ik hie allinne ien probleem. Ik mocht net op snein keatse en dat betsjutte dat je net yn oanmerking kamen foar in seleksje.

Mar wol op de Freule meidien hoop ik?

Ja, seker. Ik kin moai iets rjochtsette want ik haw 3 kear meidien en net 2 kear sa't yn it boek Bukelje en boppeslaan stiet. It earste jier soe Ids Boersma mei dwaan, mar omdat dy in ûngemak hân hie, mocht ik dochs noch mei dwaan. Ferlern fan Sake Porte en Eelke Idsardi

Mei it keatsen hie der mear yn sitten?

Ja, ik tink dat wannear ik mear keatst hie (ek op snein) dan hie ik in goeie keatser west neffens my. Ik miste no de echte training, dy't in oare wol hân hie. Ik bliuw dat wol spitich finen. Ik keats noch en ek noch mei in protte wille want ik bin leafhawwer fan dit prachtige spultsje. Wylde partijen binne oan my wol bestege.

Werom nei it fuotbaljen. Mei SDS 3 op wei nei it kampioenskip?

Ja, oer dy fraach haw ik efkes nei tocht en der binne foar my safolle fergelikingen mei dat moaie jier by Lycurgus dat ik ticht dat it mei dizze ploech seker mooglik is.

Wat hat dy ploech dan spesifyk?

In deeglike efterhoede, in sterk middenfjild, skorende spitsen, in goeie sfear, it winne wollen en in miks fan jong en âld.

En at it net slagget?

Dan tink ik dat it leit oan blessueren, skorsingen yn hegere alvetallen. At wy mei dizze ploech bliuwe en wy soene ek noch mei-elkoar traine, dan kin it net misgean. It mei ek net misgean want ik wachtsje al sûnt 85/86 op kampioensblommen.

Werom fan út dat fiere de Knipe yn de jongereinkommisje.

Jappie belle my. Dat fûn ik al hiel goed dat se oan my tocht hiene. Ik haw doe op myn gefoel fuort ja sein, mar woe der noch wol oer neitinke. En hoe langer ik der oer neitocht hoe better it fielde. Jappie hat noch in kear by my west om te praten en ek hy konstatare dat de Knipe mar in eintsje is. Nee sûnder gekheid, dy ôfstân is gjin probleem. Der binne tiden west dat ik fanút Emmeloord of sels Nieuwegein nei SDS kaam om te trainen of te fuotbaljen.

Mar dit is fergaderje?

Dêr is neat mis mei. Ik wol graach diel út meitsje fan de klup SDS-ers dy't dêr allegear op harren eigen wize mei dwaande binne. Ik hoop myn stientsje by te dragen want it fielt altiten hiel goed at ik by SDS bin. Ik wol graach wat werom dwaan foar de klup.

Hast al in spesjale taak yn de kommisje?

Nee, wy hawwe it wol hân oer in pear dinkjes, mar dat komt noch wol. Ik sil seker besykje de ynformaasje nei de Treffer en de thússide fan SDS goed op

gong te krijen, want de jeugd mei wol wat mear yn de belangstelling komme.

Wat is dyn startpagina op de kompjouter?

Dat wie earst dy fan it wurk, mar no dy fan SDS. Ik sjoch dêr dus faak op en fiel SDS dan ek hiel ticht by en bin dêrtroch ek belutsen by de klup.

Fansels hawwe wy noch in lêste fraach. Dyn super 11+3 fan SDS.
(ah)

Super 11 + 3 fan Anco Elgersma

	Egbert Bootsma	
	Floris Hiemstra	
Gerrit Terpstra	Remco Bervoets	Ids Boersma
Jaap Jaarsma	Gert Jan Hiemstra	Wouter Hylkema
Robert Sijbesma	Jappie Wijnia	Hendrik de Jong
Op de bank		
Auke Jetze Kroondijk		
Jacob Klaas Haitisma		
Anco Elgersma		

LifTERS fan SDS

De measten sille it wol folge ha dit jier. It liften op 1 jannewaris fanút Wommels nei de Sweedske stêd Gotenborg. Krekt as oare jierren diene der no ek wer in oantal SDS-ers mei.

Sa wie dêr Klaas Malda. Hy lei yn it foarjier noch yn de kreukels mar koe no de striid oan gean tegearre mei Teade de Boer út Nijlân. Hy die dit as fertsjintwurdiger fan SDS 5.

SDS 1 hie Dirk Yde Sjaarda ynsetten. Hy mocht it mei Sjoukje Eringa út Burchwert besykje.

SDS A1 stjoerde Sjoerd Rispens mei syn broer Jaring op wei. En ta beslút mocht it koppel Sjoerd en Jan út namme fan SDS 3 wer tegearre op paad ûndanks de teloarstellende prestaasje fan ferline jier.

It liften waard byhâlden op www.vv-sds.nl troch middel fan sms berjochten fan de dielnimmers. Jim kinne dêr ek it hiele ferslach lêze.

It is miskien wol goed om hjir efkes te sjen nei de prestaasjes fan de 5 SDS-spilers.

Klaas en Teade diene it prima. Sy kamen as tredde oan. Mar nijsgjirrich wie harren sms-ke wol:

De boat leit hjir klear yn Puttgarden. It giet lekker.

kijkersfraach: wat kinne 2 froulju noch mear dwaan at se 180 kilometer ride?

Wy witte it antwurd noch altiten net.

Sjoerd Rispens wie op paad mei syn broer. Dat levere moaie sms-kes op sa as: *We zitten nu op de boot en we moeten nu 10 uur varen. We weten alleen niet waar naar toe. Het is een plaats in het zuiden van Zweden.*

It antwurd witte wy wol: Trelleborg.

Of harren needgjalp: *Het wil niet meer, we schuilen nu voor de regen in een kippenhok en kunnen nergens pinnen.*

De Rispens kombinaasje lei it lêste stik yn de trein ôf en einige yn de efterhoede.

Dirk Yde en Sjoukje koene mar min út Nederlân wie komme. Se stiene oeren, nee in nacht oan de grins by Hoogezeand. De omstannichheden wiene reedlik neffens it sms-ke: *It sjit hjir echt foar gjin meter op. We ha it der al oer hân om hjir te bliuwen. De Heineken fleskes smeitsje hjir ek wol goed.*

Sy kamen as lêste oan mar hiene neffens Dirk Yde prachtige dagen hân.

De kombinaasje Jan en Sjoerd foldie net oan de ferwachtings. Twa skoalmasters op paad stjoere levert gjin sukses op. It grutste sukses boekten se yn Sweden sels. Sjoerd regele persoanlik de transfer fan Stefan Selakovits nei Gotenborg en Jan liende syn sjaal út oan de Abe Lenstra fan Gotenborg.
(ah)

Fuotbalkenniskwis

Op 8 jannewaris waard foar de twadde kear striden om de titel “fuotbalprofessor fan SDS “. Tiden de nijsjiersresepsje kamen de 5 finalisten yn aksje.

Kees Jansen moast it as Ljouwerter opnimme tsjin 4 Wommelsers. Mark Postma , Lolke Hofstra, Wichard Deinum en Willem Wijnia. Dizze beide lêste wiene der ferline jier ek by.

Yn in folle kantine waarden 3 ronden spile om te kommen ta de grutte finale. It die bliken dat Mark en Kees te min punten hiene om oanspraak te meitsjen op de finale. Wichard Deinum stapte as beste de finale yn en Willem en Lolke moasten yn in spannende shoot-out stride om in plakje yn de grutte finale.

De reserve fragen fan Fred Scheltema moasten útkomst bringe en it wie Lolke dy't der foar soarge dat Willem it dit jier net wer winne koe.

Nei it skoft mochten Wichard en Lolke efter de drukknop om de kennis te testen en foaral de snelheid.

It publyk siet op it puntsje fan de stoel en moasten mei ferbazing konstateare dat de beide hearen wol in protte wisten.

Nei 11 fragen wie de stân 3-3 en wie der dus gjin winner.

Ek no moast kwismaster syn reserve fragen wer opsykje. De earste fraach gie oer de Belgyske kompetysje. Beide wisten it antwurd net.

De fraach dy't de winner brocht gie oer de libbensrin fan in fuotballer. "Enter Vooruit" sei Freddy en it wie Lolke dy't as earste drukte en "Folkert Velten" roppe mocht. Syn hânnen koene omheech want it antwurd wie goed.

De teloarstelling by Wichard wie fansels grut. Sa ticht der by en hy tocht noch efkes werom oan dy fraach oer dy Belgyske kompetysje. Ofrûne simmer wiene de famyljes Deinum en Wijnia yn Belgje op fakansje en op in terras wist Jappie oan Wichard te fertellen dat de Belgyskes kompetysje neamd wie nei it merk bier wat se nuttigen op in terraske.

Wichard wist it dus wol mar omdat Jappie it sein hie, leaude hy it net. Dat bruts him no raar op. De twadde priis wie in boek fan Nico Scheepmaker oer Johan Cruyff. Hy hie ea de tredde priis wûn op de Freuleparty mei Pyt Tjerckstra en Sake Lanting. Hy neamde nei ôfrin dit no syn absolute hichtepunt yn syn sportkarriere. Hy hat in bliuwend oantinken krigen : de prachtige priis makke troch Atty Scheltema.

Nei ôfrin waard er noch lang neisprutsen. Krekt sa lang oant Hille en Kempe Meijer, dy't de bar behearden dizze jûn, ús der útreagen. Fred en Aant (sy krigen noch in blomke fan it bestjoer) sjogge yn alle gefallen werom op in moaie spannende jûn. Takem jier wer, dat is seker. Aant

Ta beslút:

Jupiler bier wurdt hjir noch net folle dronken. Moch slimmer: ik hie der noch nea fan heard. Opde webside stiet : Wy meie hast wol oannimme dat op huize Saad 7 dit bier net dronken wurdt! (ah)

Midwintertoernooi 2005 foarronden

SDS 2: Marten, Jappie, Gert-Jan, Jacob-Klaas, Ruurd, Hendrik en Kees. Dizze ploech stie fansels ûnder lieding fan Lykle Bleekveld en Anne Brouwer. Sy spilen op 4 jannewaris yn Warkum.

Workum 2 - FFS 1 0-1
RES 1 - SDS 2 1-2
SDS 1 - Workum 2 1-2
Terschelling - RES 1-0
Workum 2 - Terschelling 2-1
SDS 2 - FFS 1 1-3
Terschelling - SDS 2 1-3
RES 1 - FFS 1 0-4
FFS 1 - Terschelling 4-2
Workum 2 - RES 1 3-1

Dit is de einstân fan SDS 2:

FFS 4-12
Workum 4-9
SDS 4-6
Terschelling 4-3
RES 4-0

SDS 1:

SDS 1 en RES hawwe hiene har pleatst foar de folgende ronde fan it Midwintertournooi.

SDS wûn alle partijen en RES wist sich nei in spannende pot tsjin Mulier te pleatsen .

Utslaggen:

SDS - Mulier 1-0
DWP - Oeverzwaluwen 0-1
Oudehaske - RES 2 0-2
Oeverzwaluwen - SDS 1-3
Res 2 - DWP 2-1
Mulier - Oudehaske 6-1
SDS - Res 2 3-1
Oeverzwaluwen-Mulier 2-4
DWP - Oudehaske 5-1
Res 2 - Oeverzwaluwen 4-3
Oudehaske - SDS 0-7
DWP - Mulier 0-1
Oeverzwaluwen-Oudehaske 4-0
Mulier - Res 2 2-3
SDS 1 - DWP 4-0

Doelpunten SDS 1:

1ste wedstryd: Floris
2de wedstryd: Peter, Floris Harm
3de wedstryd: Tsjipke, Peter, Peter
4de wedstryd: Tsjipke, Peter, Dirk Yde
(3) Harm, e.d.
5de wedstryd: Tsjipke, Dirk Yde,
Willem en Skelte

SDS 1 dus op wei nei de finale yn De Trije yn Frentsjer.

Hoe't it dêr gie, kinne jim op de folgende side lêze.

SDS 1 ferdigent titel op Midwintertoernooi

Op sneon 15 jannewaris wiene de finales fan it Midwinterfuotbaltoernooi yn de Trije yn Frjentsjer. SDS moast de ttitel ferdigenje nei de ferrassende oerwinning yn 2004.

9 fuotballers en in koach setten ôf nei Frjentsjer: Anne Stenekes, Remco Brouwer, Harm Stremler, Tsjipke Klaas Okkema, Skelte Anema, Dirk Yde Sjaarda, Robert Sijbesma, Peter Sijbesma, Willem Wijnia en koach Willem Overal. Om problemen mei it werom riden foar tekomen makke taksi de Jong in ritsje nei Frjentsjer om dêr de hearen ôf te leverjen om goed 11.30 oere.

SDS hie in poultsje dat fan te foaren beskôge waard as : der is seker wat mooglik at wy mar net ferlieze fan Blauw Wit.

Wedstriidferrin:

SDS – Blauw Wit 1-1

Doelpunt fan Robert

SDS – Holwert 2-0

Doelpunten fan Peter en Willem

SDS – Griffioen 4-2

Doelp. fan Tsjipke (2) en Willem (2)

SDS – ONS 2-0

Doelpunten fan Willem (2)

Opfallend wie it optreden fan Willem Wijnia. Hy skoorde opfallend faak want fan de 9 doelpunten kamen der 5 fan syn foet. Ek prima wie it optreden fan Remco Brouwer. Hy ferfong Jan Simon Jelsma

yn it doel, dy't blesseard is en hy die prima.

Troch dizze resultaten waard SDS earste yn de poule en Blauw Wit twadde.

Om healwei 2 oere wie dit resultaat al bekind en moast der wachte wurde oant 6 oere om de 8^{ste} finale te spyljen.

Tsjinstanner waard de Golden Oldies út Kollum. Nei 15 minuten wie de stân gelyk en moasten strafskoppen de beslissing bringe. SDS wûn mei 4-2.

Om de heale finale te berikken moast er wûn wurde fan Foarút. Foar in bûtensteander in frjemde sitewaasje. Trainer Lyckle Bleekveld siet by de tsjinstanner op de bank .

SDS koe it net bolwurkje en ferlear mei 2-0.

Undanks it ferlies doch wer in prima resultaat fan SDS want by de beste 8 teams fan Fryslân en fiere omkriten is seker net min.

SDS stie wer folop yn de belangstelling want Willem Wijnia mocht foar de mikrofoan fan Omrop Fryslân de fragen fan Hijlko Broersma benaderje.

Winner waard úteinlik Foarút.

Zaaltraining SDS jeugd

2004 - 2005

trainer

Maandag	24-jan	F3	<u>16.00 uur</u>	Andre Vink
Maandag	24-jan	D2	17.00 uur	Durk Y Sjaarda
Donderdag	27-jan	B2	17.00 uur	Stefan van Krimpen
Vrijdag	28-jan	F1/F2	17.00 uur	Douwe Reitsma/Bauke Dijkstra
Maandag	31-jan	F4	<u>16.00 uur</u>	Andre Vink
Maandag	31-jan	D1	17.00 uur	Durk de Jong????
Donderdag	3-feb	E1/E2	17.00 uur	Samme Overal/Andre Vink
Vrijdag	4-feb	E3/E4	17.00 uur	Anne Hallema/Paul de Boer
Maandag	7-feb	C2	17.00 uur	Klaas Pompstra
Donderdag	10-feb	F3/F4	17.00 uur	Andre Vink
Vrijdag	11-feb	F1/F2	17.00 uur	Douwe Reitsma/Bauke Dijkstra
Maandag	14-feb	C3	17.00 uur	Anne Hallema
Donderdag	17-feb	E1/E2	17.00 uur	Samme Overal/Andre Vink
Vrijdag	18-feb	E3/E4	17.00 uur	Anne Hallema/Paul de Boer
Maandag	21-feb	C2	17.00 uur	Klaas Pompstra
Donderdag	24-feb	F3/F4	17.00 uur	Andre Vink
Vrijdag	25-feb	F1/F2	17.00 uur	Douwe Reitsma/Bauke Dijkstra

Opmerkingen:

Maandag 2/3 hal beschikbaar.

Donderdag en vrijdag de hele hal beschikbaar.

Op vrijdag 28 januari doet SDS mee aan de **jeugdspelregelwestrijd**.

De wedstrijd wordt gehouden in de kantine van SDS en de aanvang is 19.30 uur. Samen met 2 teams van YVC en een team van De Walde zal uit worden gemaakt wie de winnaar is van regio Sneek e.o..

De winnaar plaatst zich voor de provinciale finale.

Publiek is van harte welkom.

Voor SDS doen de volgende A-junioren mee:

Geert Dijkstra, Thierry de Vreeze, Bote Strikwerda, Sjoerd Rispens.

Bovenstaande personen zijn al weken met Klaas de Haan in training.

Sibe de Seefûgel (57)

Kwisse

Twa Treffers hawwe jim gjin argewaasje hân oer myn stikjes. Dat wol ik noch wol efkes útlizze. De natoer is yn de war, alteast dat seit dy Paulusma fan Harns. Dus hie ik besletten om dêr mar oan mei te dwaan, want oars komt dy foarsizzing fan him ek al net mear út. Dus bin ik yn novimber en desimber op fûgeltrek gien. Nei in waarm lân. Net dat it hjir kâld wie en net dat ik soks wol faker dien hie, mar it wie dêrtroch in dúdlik teken dat de natoer yn de war wie. Want ek op Skrok hiene se it der al oer: Hawwe jim it al heard: Sibe is op fûgeltrek.

No bin ik werom, moai foardat de winter begjint dus, ek dat is wer tsjin de natoer yn. Genôch oer my. No oer jim. Jim litte jim ek alles mar oandwaan binnen SDS. Ik bin fuort en sjoch efkes werom wat er bard is en sjoch ta myn grutte ferbjustering dat it by SDS no foaral om kwisfragen giet. Winners wurde as helden eard en ferliezers wurde noch moannen skoudere.

En dan dy fragen. Dat is dochs allegear like maklik as wat.

Ik haw dêrom ferline wike de stoute poaten oandien en haw de fuotbal professor fan Skrok, Jacob P. útdage om it op te nimmen tsjin my.

De fragen wiene betocht troch Oege de Oele mei help fan Piter Protter.

Jacob en ik sieten efter dat boerd mei dy drukknoppen en de fragen waarden steld troch Oege.

Earste fraach:

Yn 1971 wie der in seefûgel dy't yn de Kuip

Pats, Jacob drukt en jout antwurd: Eddy Treytel.

Nee, sei kwismaster Oege, ik meitsje de fraach. Yn 1971 wie der in seefûgel dy't yn de Kuip dea rekke troch in úttraap fan Eddy Treytel. Hoe hjitte dy seefûgel.

Pats, die ik, dat wie Zimon Zeevogel, ôfkomstich út Rennesse.

Twadde fraach: Yn 2004 waard it earste ljipaai fûn yn in guozzereservaat. Wa....

Pats, Jacob drukt en mei it antwurd jaan: Hessel Bouma fan Turns.

It antwurd is net goed, ik meitsje de fraach ôf: Wa hie dat earste aaike lein?

Wer mocht ik it goeie antwurd jaan:

Lipkje ljip fan Skuzumer útbuorren.

De tredde fraach wie al sa maklik: Der is in skiedsrjochter mei in efternamme fan in fûgel. Wat...

Pats, Jacob woe wer in antwurd jaan.

Pieter Vink, ropt er optimystisch, mar ek no moat Oege de fraach wer ôfmeitsje.

Wat is in útdrukking dy't dêrtroch ûntstien is? Dat wie fansels "in bline fink." Ik hie it al wer goed.

Op de fraach wat in Talpa europaea is, like it wol at Jacob it yn Skearnegoutum tongerjen hearde en mocht ik it antwurd al wer jaan: de mol.

En sa gie it mar troch. It ferskil tusken de gemiddelde mins (Jacob) en in deagewoane seefûgel (Sibe) waard hieltyd dúdliker.

Ik stel my lykwols net beskikber foar takem jier. Want dan sil de twadde fan dit jier en ferline jier wer net winne. En mei 3 kear twadde krije je dan net de bynamme Swietemolke?

Trefferkes

Oefenje

Ek yn it bûtenlân fuotballet SDS syn wedstriden. Yn Frankryk waard yn 'e snie oefene tsjin Malaysia. Dat moat kinne soenen je sizze. Dy mannen binne fêst net tsjin 'e kjeld klaaid.

Foto

Jeroen, Bas, Robert, Feite en Anne sjogge it hielendal sitten. De útslach is ús net bekend.

Futsal 2 nije sjurts

Enne J. Bruinsma koe op nijjiersgearkomst de nije sjurtsjes fan it Futsal 2 team presnintearre. Wheagan út Wommels, dy't al sponsor is, wie ree om ek dizze sjurtsjes beskikber te stellen. Futsal 2 giet no as it spoar mei Wheagan sjurtsjes. Dirk Yde en Skelte mochten efkes passe.

Kenniskwis by CSL

By CSL hawwe se yn desimber ek in fuotbalkenniskwis hân. Under lieding fan Kees Jansen waarden der trije ronden en in finale ronde holden. De fragen wiene fan de kwis fan SDS fan ferline jier. Winner waard Menno Bruinsma. Wy hawwe begrepen dat se de fragen wol wat oan de drege kant fûnen.

Ferkeard.

De Treffer wurdt goed lêzen. Dat die ek dizze kear mar wer ris bliken doe't wy in e-mailreaksje krigen fan Bauke de Boer (ek hy sit al efter de kompjoeter). Yn it trefferke oer Verbeekveld stie vv Heerenveen. De trouste supporter út de Greidhoeke wiisde ús der op dat it sc Heerenveen is. Wêrfan akte

Ek ferkeard

Yn de foarige Treffer stie in foto fan SDS 2 en net fan SDS 4. Bliid dat de foto goed besjoen wurdt.

100.000 besikers

Sommige dingen gean ûngemurken. Wy skreaunen yn oktober op dizze side dat it mooglik wêze moast om yn 2004 noch 100.000 besikers te krijen. Hast 14 dagen foar de ein fan it jier hawwe wy dat al berikt. Ofrûne freed, goed twa jier neidat wy begûn binne mei dizze side hawwe wy de 100000 besikers te pakken.

Antwoorden

scheidsrechtersvragen

1. C 2. C 3. B 4. D 5. D

Leeuwarden Zwaluwen

Ek by Leeuwarder Zwaluwen sjogge se sa't it skynt sa no en dan op de side fan SDS. Net elkenien wurdt dêr bliid fan. In reaksje fan de persoan dy't nei de moaie Fryske namme Andries harket seit dit der fan:

Niet normaal dat jullie een ander taal op je site hebben intergratie moeten jullie

Us kommintaar: better goed frysk as min nederlâns!!!

Ferljochting

Feike Jorritsma liet ús witte dat de fergunning foar de ljochten op it nije trainingsfjild binnen is. Dat is prachtich op tiid soene je sizze, want it fjild wurdt pas takem jier nei de simmer brûkt. De "ljochten fan Wommels" sille takem jier op it lytse trainingsfild brûkt wurde. Minder watt, dus better foar de ponge en mear ljocht dus better foar de training.

SDS 1 oefent

De ôfrûne wiken hat SDS 1 al wer in oantal oefenwedstriden spile. Tsjin Drachter Boys waard ferlern mei 0-2 en tsjin vv Heerenveen waard mei 1-1 gelyk spile. Doelpunt fan Skelte Anema.

SDS 2 oefent tsjin Nijlân

Ek SDS 2 hat de earste oefenwedstriid der op sitten. Thús tsjin Nijlân waard it 3-3.

Nei New Castle

Der binne hiel wat sc Heerenveen supporters yn ús omkriten. No't de ploech in hiele nijsgjirrige tsjinstanner hat yn de Europa kup binne der tal fan supporters dy't mei gean nei Noard Ingelân.

Pieter Kamstra, Frans Pyter Terpstra, Jacob Veldstra, Ivo Donath, Wesley Hoitinga en Rinse Joustra hawwe meielkoar wat boekt en sille der hinne. De Trefferredaksje mei fansels net misse at er safolle SDS-er op paad geane en hawwe besletten Aant dy kant ek út te stjoeren.

Op de foto

Anne wie al slûch foar dat hy skië moast. Hy woe allinne neat merke litte oan syn maten en hâlde him grut. Yn it pasfotohokje koe der him fêst wol efkes

del jaan. Sels doe 't der in stim yn it Frâns sei dat hy him opskerpje moast foar de foto joech Anne him del. De foto's binne moai slagge. Mocht Anne him identifisearre moatte dan moat der al efkes de eagen slûte.

Flinke wond

Durk de Jong rint der no al wer aardich better by as in wike as 4 lyn. Hy hie dan ek in flinke snee yn de knibbel.

In sneon út it libben fan.....Klaas P.

Fannemoarn gie ik 7 oere út bed en om 8.30 mei C1 nei Hâns ta. Dêr oankommen, jimme riede it al, is de wedstriid ôflast. Lokkich waarden wy op gastfrije wize wolkom hjitten troch de ús aller bekinde skiedsrjochter yn fuotballen en keatsen, Age Tichelaar! Harns hie wol skille nei Easterein, mar nei it nûmer fan Rinse Sybesma....? It boekje fan de KNVB lei der by mar de nûmers die der yn stienen wienen neffens my net skille. Rinse hie it nûmer fan Roel oan Harns joen mar Roel wie net skille. Om 9.30 kaam Klaas Roel tsjin op de van Eysingeleane yn Easterein op wei nei de kantine. Der wie in ynlaste wedstriid fan de F-kes? Dan mar efkes 7-7 op in heal fjild mei C1. Spitich...ek dat gie net troch want it fjild wie ôfkart. Dan earst efkes Andries nei Wiuwert bringe en nei hûs om kofje. De riders Plantinga, Piek, van Wieren en Pompstra bitanke! De liederen en spilers fan C1 winsket eltsenien noflikke kriisdagen. Oant 29 desimber yn de seal yn Snits en 31 desimber yn Easterein.
Klaas Pompstra

Oerwinterje

Dat is it wurd tsjintwurdich by it fuotbaljen. Hast sa wichtich as kampioen wurde. Yn de beker binne noch twa SDS ploegen yn de striid. en SDS 2, dat fia in ôflaste wedstriid ek op wei is te oerwinterjen. Op 29 jannewaris moatte sy ynhelje tsjin QVC 2. Yn Easterein om 14.00 oere. No mar hope dat it noch winter wurdt.

Kreaze jonges of net!

Foto

Dit is wer ris wat oars as yn in SDS-sjirtsje rinne (of Cambuur-sjirt). Sjoch foar mear fan sokke krease foto's

op de webside fan [Jaring Rispen's Fotografie](#). Tige de muoite wurdich.

Trefferkes

In protte fan dizze trefferkes hawwe ek op [www.vv-sds](#) stien. Der hawwe noch folle mear op stien sels. Wy moatte al moannen in kar meitsje wat wy oernimme yn de Treffer. It is dus better om alle dagen efkes op de side te sjen, want ek dy moaie links nei oare siden en leuke foto's en filmpkes pikke jim dan mei.

De "Nije" SDS League

In de tweede helft van de het seizoen 2004-2005 kunt u wederom meedoen aan de SDS League. Deze gaat op 12 februari weer van start. De kosten bedragen €12,-. De spelers waar u uit kunt kiezen staan in deze Treffer gedrukt. Als u al meedoet aan de SDS League en u levert geen nieuw team in, dan doet u weer mee met het team waarmee u de eerste helft hebt meegedaan. Nieuwe aanmeldingsformulieren liggen ook in de voetbalkantine. U dient uw team aan te melden vóór **zondag 13 februari 2004**. U kunt uw team inleveren bij:

*Willem Wijnia

of

*Roel Sybesma

Walperterwei 21

De Singel 17

8731 CC Wommels

8734 HP Easterein

of mail uw team naar: SDSLeague@vv-sds.nl

Uw kunt het deelnemersformulier voor de SDS League ook downloaden van onze website: www.vv-sds.nl

Tip: Kopieer uw team! U ontvangt namelijk geen bevestiging van uw team.

Wij hopen weer veel nieuwe deelnemers te kunnen begroeten. Er zijn aantrekkelijke prijzen te winnen en de clubkas van SDS wordt ook nog eens gespekt. (WW)

SDS league deelnemingsformulier:

Dit is mijn team voor de tweede helft van de competitie 2004-2005:

	Naam:	Nr:	Club:
Doel:			
Verdediging:			
			
			
Middenveld:			
			
			
Aanval:			
			
			
Naam team:		Bank-/girorekeningnr:	
Naam:		Handtekening:	
Adres:			
Woonplaats			

Doelpunten

Klaas Pompstra hâldt foar SDS alle doelpunten by. Hjir syn ferslach.

We ha mei syn allen wat minder (44x) de goal fûn dan it foarige jier.

Dochs er in moai oantal fan 638 doelpunten en foarich jier wie fansels ek in rekordjier.

SDS B1 is de nûmer 1 fan it neijier mei 63 doelpunten.

Meastal is dit oantal foar de E-'s en F-'s, mar die ha it wat muoiliker dit seizoen. Fan de standaardteams docht D1 it ek bêst mei 45 goals.

E2 en E3 hat it dizze kompetysje dreech en ha tegearre 26 kear skoort.

Fan de senioaren dogge SDS 3 en SDS 4 it tige goed.

SDS 3 is dan ek 'Herbstmeister'.

We gean no it winterskoft yn en hoopje dat alle teams der goed útkomme!

Aginda

Wannear	Wat	wêr
22 jan 18.30	Futsal toernooi senioren SDS	Greindhoeke
26 jan. 21.50	Futsal: SDS1 – Herauten 1	Greidhoeke
28 jan. 19.30	Spelregelwedstrijd A junioren	kantine
29 jan. 13.30	Ynhelje of oefenje TrynwaldsterBoys SDS	Oentsjerk
29 jan 14.00	SDS 2 - QVC 2 beker	Easterein
1 febr.	Jacob Plantinga wurdt 43	thús
1 febr. 19.30	Sneek zo – SDS 1 Oefenje	Snits
4 febr. 22.00	Futsal: Avanti 2 – SDS 1	Stiens
5 febr 14.30	Ynhelje of oefenje tsjin Bûtenpost	Easterein
9 febr. 22.00	Futsal: SDS 1 – Foarút 1	Greidhoeke
12 febr. 14.30	Ynhelje of oefenje tsjin VenV 67	Éasterein
15 febr	Kopy datum treffer	redaksje
16 febr. 21.00	Futsal: SDS 1 – Heerenveen 2	Greidhoeke
19 febr 14.30	Kompetysje Friese Boys 1 – SDS 1	Kollumersweach
22 febr 19.30	DWP 1 – SDS 1 oefenje	St Jut
26 febr 14.30	Ynhelje of oefenje tsjin Bolswardia	Easterein
7 jan. 2006	Snertrinne, snertite, kwisse	kantine
10 augustus 2007	SDS bestiet 60 jier	Easterein en omkriten